Rapport fan de seleksjekommisje foar de Gielegou Rige

"Tresoar biedt fiif[1] skriuwers de mooglikheid om harren plan yn twa, trije jier út te bouwen ta in Fryske roman. Wy sykje skriuwers dy't mei har proaza oanslute by de fraach fan in jonge(re) groep lêzers en ambysjes hawwe om de Fryske literatuer in nije ympuls te jaan."

Mei dy lokrop fan de Gielegou sette it projekt op 2 july útein. En in soad skriuwers antwurden, mei in eigen stim en in hiel persoanlik lûd.

Oan ús wie it de taak om in seleksje te meitsjen en de stimmen te werkennen dy't yn it koar fan de Fryske literatuer de grutste oanfolling foarmje soenen. In taak dy't wy mei nocht op ús namen.

De respons

De respons wie mei 71 ynstjoeringen oerweldigjend. It tal jout oan hoefolle der yn ús provinsje yn it Frysk skreaun wurdt, ek bûten de sichtbere Fryske kanalen om. In soad minsken dreame fan it skriuwen fan in roman, folgje kursussen, hawwe ideeën, mar soms bliuwt it dêr dan by. Foar guon wie dit projekt dúdlik de oantrún om dy slomjende dream of dat âlde plan dochs ris serieus te nimmen.

De hichte fan de beskikbere beurzen hat faaks de trochslach jûn foar guon dy't oars de tiid net frijmeitsje kinne om te skriuwen. Foar oaren sil it oanbod fan twa jier profesjonele begelieding en in útjouwer bepalender west hawwe. Mar der binne mear mooglike ferklearrings foar it ûnferwachts hege tal ynstjoerders. Foar wa't net folle Frysk lêst, en noch net in soad omstapt hat yn literêre fermiddens yn Fryslân, kin in frijwat ûntagonklik byld bestean fan sawol de makkers as de ynhâld fan Fryske literatuer. Dat guon dy stap nei foaren wol oandoard hawwe no't der mei klam frege waard om nije stimmen foar mooglik ek in nij publyk, is winst te neamen.

De seleksjeproseduere

Yn de oprop waarden al in soad betingsten fêstlein. Sa moast in ynstjoerder him of har beheine ta ien side skriuwersbiografy, ien side plot en plan en twa siden fragmint fan it te skriuwen wurk. Earste taak fan de kommisje wie om de kritearia goed skerp te krijen. Dêrnei hawwe wy alle ynstjoeringen dêrop hifke en in earste skifting makke. It tal

[1] Wilens is der troch Tresoar in sechde beurs beskikber steld.

gadingmakkers wie dêrnei noch hieltyd heech, dat wy hawwe yn in folgjende sesje besocht de seleksje noch fierder te beheinen. Dêrmei binne we ta seis kandidaten kaam dy't wat de kommisjeleden oanbelanget gaadlik binne foar begelieding en publikaasje yn it ramt fan de Gielegou Rige.

Drege ôfwagingen

De kommisje socht nei moderne, tagonklik skreaune teksten, nei plannen mei de potinsje in nij, leafst jonger, lêzerspublyk te berikken, nei ambisjeuze skriuwers dy't útstrielen dat sy net fan doel binne om it by ien boek yn it Frysk te litten. De driuw om foarby de grinzen fan de standert sjenres te tinken, waard ek wurdearre.

Mar wêr hâldt de romanfoarm op roman te wêzen? Hoefolle romte is der foar de – al yn de oprop frege – eksperiminten? Wêr giet fiksje oer yn non-fiksje? Dat soarte fan fragen hie de kommisje, neist de fêststelde kritearia, te beäntwurdzjen.

Wy hienen boppedat de opdracht om nij talint te finen. Guon wienen dat stadium al foarby, mar dan bygelyks yn in oare taal of foarm, mar foldienen wol oan de oare betingsten en hienen in plan en in fragmint dat ús wol hiel entûsjast makke. Uteinlik hat it by de grinsgefallen altyd de krêft fan it ferhaal west dy't de kar bepaalde.

Algemiene observaasjes

Wy hawwe – sa as hope – in geweldich ferskaat sjoen yn skriuwers, foarmen, sjenres en ûnderwerpen. Mar der wienen ek ferrassende oerienkomsten. Sa wie it seldsum om in oar dekôr werom te finen as it Fryske plattelân. En ek de personaazjes wienen hast allegear Friezen. Dat wie gjin betingst, mar sa hawwe de ynstjoerders dat blykber wol opfette. Of is dat it byld dat dochs al bestiet fan Fryske romans?

In protte skriuwers rjochten har, lykas oanmoedige, op in jongere leeftiidsgroep, mar soms sa dúdlik ûnder de grins fan Young Adult, dat it dochs bûten de kritearia foel.

Fierders jouwe wy de projektgroep it advys mei om by nije oproppen net in tal siden, mar in tal wurden as beheinende faktor te hantearjen. Der blike soms in enoarm tal wurden te passen op ien A4…

Fan de seis ynstjoerders dy't oerbleaunen wie de kommisje tige ûnder de yndruk.

De seis winners

Jilt Jorritsma ‘Jacht’

Koarte ynhâld

Yn de roman ‘Jacht’ fan Jilt Jorritsma is Ynse de haadpersoan, in âlde skipsbouwer út Makkum. Hy krijt syn stellen houten syljacht werom. Wylst hy it restaurearret, jout it skip syn geheimen priis, ûnder oare oer de dea fan in jonge. Jilt Jorritsma wol ûndersykje hoe’t kapitalisme en drugshannel de lokale tradysjes fan skipsbou en silerij ûndergrave.

De kommisje:

Yn it Nederlânsk hat Jorritsma al in pear romans skreaun, mar yn it Frysk sil dit de earste wurde. “Foar my is it Frysk in ferbining mei myn famylje,” skriuwt hy. Syn eigen famyljeskiednis, lutsen yn it hout fan de platboaiem fan syn pake, leit ûnder dit ferhaal. Geweldich hoe’t Jorritsma der yn slagget om histoarje, aktualiteit, spanning én magy yn syn plan te ferwurkjen. It fragmint dat hy skreaun hat - in sêne oer hoe’t de Britske dûane it syljacht entert en in deade jonge yn it foarûnder fynt - stiet as in hûs. En dêr bliuwt it net by. De skriuwer jout in spûkachtige rol oan it superjacht fan Donald Trump, dat dy oait bestelde yn Makkum, mar dat der troch syn eigen tadwaan noait kaam. We kinne net wachtsje.

Suzanne Ruys ‘Terp’

Koarte ynhâld

Fenna en Hidde gean oan it wurk by technologybedriuw TERP en bedarje yn ECHO, in simulaasje fan de jierren 90, in wrâld sûnder ynternet en moderne apparaten. Mar it aventoer wurdt in yslike ûndernimming, as bliken docht dat ECHO leart fan har brûkers en dat net elkenien der wer út komt. In ferhaal oer de grins tusken frije wil en manipulaasje, en oer ergens by hearre wolle.

De kommisje:

Mei ‘Terp’ hat Suzanne Ruys soarge foar in sterk Young Adult boekplan. In spannend science fiction ferhaal dat yn de jierren 90 spilet. Ruys ferstiet de keunst om libbensechte dialogen te skriuwen. Har ferteltrant is boartlik en nimt de lêzer maklik mei. Sy is in nije namme yn it literêre fjild, studint oan de Skriuwersfakskoalle en se wol har graach ûntwikkelje. “Ik tink dat it wichtich is om net te skruten te wêzen, om jesels net te lyts te meitsjen,” skriuwt se. Dat klinkt as in hiel goed begjin.

Tryntsje van der Steege ‘De postboade’

Koarte ynhâld

“Ik wol graach in boek skriuwe oer in postboade,” skreau Tryntsje van der Steege. Ien dy’t syn taak té serieus nimt, té belutsen is by de adressen dy’t er betsjinnet en yn syn holle oan de haal giet mei alles dat er sjocht, by dy huzen en hiemen. Hy grypt yn om te helpen, mar dat beteart folslein mis. Mar: “De postboade fûn net dat er wat ferkeard dien hie,” skriuwt Van der Steege. Wat witte we werklik fan de oar dy’t neist ús wennet of deistich by ús delkomt, freget se har ôf. Van der Steege wol har fassinaasje mei de postboade en de posterijen ûndersykje, mar ek it skriuwen sels en de fraach wat literatuer is, mooglik net allinnich yn proaza mar ek yn poëzy en essay.

De kommisje:

Hoe gewoan in tafriel mei in postboade ek lykje mei, Tryntsje Van der Steege lit yn har skriuwplan en de fragminten dy’t sy ynstjoerd hat, blike dat sy each hat foar absurde sitewaasjes. Wy tinke dat it in tragikomyske roman of in bondel gearhingjende ferhalen opsmite kin, en tagelyk in skerp tiidsbyld jout. Van der Steege skriuwt soarchfâldich en byldzjend, tinkt oer grinzen fan literêre sjenres hinne, lit fiksje en non-fiksje neist elkoar bestean. Sy presintearret harsels bewust as in skriuwer. De kommisje tinkt dat sy ek in bliuwer wêze sil.

Bart Temme ‘De kaktusman’

Koarte ynhâld

Douwe Meijer hie in blommewinkel yn Ljouwert en joech manlju de mooglikheid om yn syn hûs yn it geheim in bêd te brûken. Yn ’e jierren fyftich fan de foarige iuw wie hy oprjochter fan it COC Fryslân. Bart Temme wol it ferhaal fan Meijer ferbine mei ferhalen fan jonge Fryske lhbti-ers en ek mei syn eigen ferhaal. “Om te besykjen minsken te sjen sa’t se binne,” skriuwt Temme. It doel is in literêre roman oer in belangryk maatskiplik tema.

De kommisje:

Yn syn skriuwen lêze wy in hiel eigen stim. Sterk hoe’t Bart Temme mei dit plan in streekrjochte ferbining leit tusken it ûnderwerp: Douwe, in gewoane man yn it Ljouwert fan doe, mei de wrâld fan no, wêryn’t de jongerein it dreech hat. It komt tichtby. Troch syn kwaliteit as skriuwer en histoarikus, en trochdat er mei syn persoanlike belutsenens syn kwetsberens net mijt, kin Temme mei dit queer proazawurk de lêzer yn it hert reitsje.

Myrte Marije Veenbaas ‘Sjoch my’

Koarte ynhâld

Troch de dea fan har mem kin ien fan de wichtichste minsken troch waans eagen Marije leard hat om nei harsels te sjen, net mear weromsjen, antwurdzje, har korrizjearje of befêstigje. Yn de coming of age en autofiksje roman ‘Sjoch my’ ûndersiket de haadpersoan har eigen selsbyld. Yn trije fazen: as bern, as puber en as frou. Mei dit plan wol Veenbaas har skriuwerskip fierder ûntjaan, skriuwt se: “Persoanlik en yntym skriuwe, mar mei genôch literêre ôfstân om fan in eigen ûnderfining in ferhaal te meitsjen dat net mear allinnich fan my is.”

De kommisje:

Myrte Marije Veenbaas doart it oan. Se hat de moed om, troch te skriuwen, djip yn harsels te dûken, de pine op te sykjen. En se hat it lef om harsels dêryn folslein sjen te litten. Har Frysk is sterk ûntwikkele, se publisearret as dichter, hat keazen foar in libben as skriuwer. Wy hawwe it fertrouwen dat dit in hiel persoanlike roman wurde sil, dêr’t minsken herkenning yn fine kinne.

Eelke Veltman ‘Hillich Dom’

Koarte ynhâld

Bonne is in jonge studint antropology dy’t ûndersyk docht nei de hillige status fan wylde ezels op Bonêre. It begjint as in aventoer wêryn’t er him ferdjippet yn it koloniale ferline fan it eilân, de skiednis fan rassisme en ûngelikens. Mar it wurdt ek in persoanlike syktocht. Want dy fertutearze kleasterpleats fan syn famylje yn Fryslân, moat hysels dêr net de ferantwurdlikheid foar nimme? Soms stroke Bonne syn romantyske ideeën net mei de hurde werklikheid. Eelke Veltman skriuwt mei ‘Hillich Dom’ in semy-autobiografysk proazawurk dat twa perifeare gebieten – Fryslân en Bonêre – oan elkoar ferbynt.

De kommisje:

Moai dat Eelke Veltman in ferhaal dat him op in oar plak ôfspilet dochs tichtby fiele lit. In ferhaal dat giet oer skiednis én aktualiteit, mei in engazjearre lading. Veltman fertelt hoe’t hy dingen ûndersiket troch ergens oan it wurk te gean. Dat stjoert syn blik nei bûten ta. Meartaligens wurdt yn it fragmint natuerlik en oantreklik brûkt. Syn sinnen floeie, hy hat in lichte toan en einiget syn alinea’s mei in spronkje. Wy tinke dat dizze skriuwer, dy’t ek al hiel lang dichter is, in sterke nije stim wurde kin yn de Fryske literatuer.

Ofslutende oerwagingen

De seis skriuwers dy't de earste lichting foarmje fan de Gielegou Rrige, hawwe de potinsje om in prachtich nij lûd hearre te litten yn de Fryske literatuer. Dêrfoar wurdt harren jild, in redakteur en in útjouwer beskikber steld. Wy kinne net wachtsje op it resultaat fan dat proses. Mar ús hope is dat alle 71 ynstjoerders trochgean wolle op it paad dat se ynslein binne, oft se no in beurs krije of net.

En dat der safolle 'nije' nammen opdûkten ûnder dy 71, kin ferskate dingen betsjutte. Dat in beurs foar guon in needsaak is om de tiid foar in roman meitsje te kinnen bygelyks. Of dat de drompel nei de blêden, poadia en fermiddens fan de Fryske literatuer foar wa't graach yn it Frysk skriuwt meastentiids noch wat te heech leit. Hoe dan ek freget dizze stap nei foaren fan al dy ynstjoerders om in útstutsen hân.

Want we steane oan it begjin fan in proses. In proses dat driuwt op goede rânebetingsten, profesjonele begelieding, in ynfrastruktuer fan kursussen, platfoarms foar resinsjes, krityk en skôging en in gruttere rol foar literatuerwittenskippers. Mei as doel om net allinnich mear skriuwers te krijen, mar foaral ek mear lêzers yn it Frysk.

Der is mei hope sprutsen fan in nije weach yn de Fryske literatuer. Mar dan moat dy weach wol de kâns krije om troch te rôljen. Dêr hawwe wy op grûn fan dit seleksjeproses yn alle gefallen goede ferwachtingen fan.

De seleksjekommisje

Karen Bies
Akke Gerlsma
Ronnie Terpstra
Baukje Zijlstra
Erik Betten